

Drippen fersachtsje gemis dichter Tjisse Hettema

Yn it stedhûs fan Frenstjer wurdt moarn de bondel *Hewwy dát* prestantearre. De teksten bin fan Tjisse Hettema, dy't ferline jier juli ferstoar. De yllustraasjes fan filtwurk binne makke troch sien frou Aafje Bouwer. "Ik bin d'r wies op dawwe dit tegearre doen hebben kund", seit se.

Tekst Elisabeth Post

Foto Cathrinus van der Veen



*Aafje Bouwer by
de seedyk by
Easterbierrum,
ien fa harren
favorite plakken:
"Zo rustig en
mooi daor."*

De sop is haast waarm. Aafje Brouwer (1957, De Hoeve) hat it bêste foar mei de besite en hat selsmakke tomate-sop makke. De doarren nei de tûn yn Frenstjer stean iepen, de rôze klematis siket syn wei oer de pergola. Tjisse Hettema hâlde fan de tûn dy't se tegearre

omspit en ynrochten ha, mar in tûnker? “Hi’j mocht d’r graeg zitten”, seit Bouwer in it Stellingwarfs, har memmetaal. En dan moat se laitsje: “Mar ik dee et wark”.

Dichter Tsjisse Hetteema ferstoar ferlinejier op 25 july. Njoggen dagen earder hienen sy syn 66ste jierdei fierd. Hy rekke op in sneinstermoarn ut de tiid en Aafje Bouwer siet thûs yn de sliepkoamer oan syn side.

Hetteema hie de sykte fan Kahler, mar dat wie reedlik under konrôle. En doe krige er akute leukemy. “Hi’j vuulde him al een peer daegen niet lekker en kreeg muuite mit lopen en bewegen”.

SEEDYK

Beide mochten er graach tegearre op út en de seedyk by Easterbierrum wie ien fan harren favorite plakken. “We dronken geregeld an de diek koffie mit uitzicht over et Wad. Dan hadden we klapstoelen en de thermoskanne mit. Zo rustig en mooi daor. De lêstekear dat zy der wieren wie koart foar it fersterren fan Tsjisse. Doe waard eins wol dúdlik dat er slim siik wie “Aanders nooit een perbleem, mar hi’j kon niet meer bi’j de de diek op lopen”. Se wieren njoggen jier tegearre. It wie foar Aafje by de earste moeting dúdlik dat Tsjisse har grutte leafde wêze soe “ik vuulde et”. Se hiene ofpraat bij de Grutte Tsjerke yn Frenstjes. Sy seach him en krige in djip eins net te omskriuwen gefoel en se wist, dit is him, mei Tsjisse fielde se har fuortendaliks ferùn. En dan: “Mar Tsjisse niet mit mi’j. Dat het nog wel een schoffien duurd”.

WEROM NEI FRENTSJER

Mar lang om let ferhuze Tsjisse fan Seisbierrum nei De Hemrik, dêr’t Aafje doe wenne. Sy hie dêr de Weefplaats. In weverij d’r’t meensken mei in PGB of fia de WMO oan de slach koenen mei weven en filten. Mar doe’t sy dêr mei stoppe, woe Tsjisse Graach werom nei Frenstjer. “De besleutenhied van de bomen vuulde eerst goed, mar laeter kreeg hi’j verlangst noar de eupen ruimte, de mooie lichten en et prachtige locht. Dat locht is hier bi’j de zee aanders. ”Tsjisse waard, koart neidat sy samen wennen, siik en moast foar gemoterapy nei Grins. Syn sykte makke fan him in oar minske, seach Aafje. “Zien ziekte dee him inzien dat hi’j aanders leven gaon mos. Hi’j was niet vur niks ziek wodden, vun hi’j. Hi’j ondergong de behandeling in et ziekenhuus, mar bezocht ok een klassieke homeopaat die him hulp syn immuumsysteem te versterken. En ok geestelik starker te wodden.”

ET KOMT GOED

Hy naam it libben mear sa it kaam. Dysels drok meitsje oer futiliteiten? Net mear dwaan. Syn motto waard fan doe óf oan: Genietsje fan it libben en gjin dingen dwan dy’tst net wolst. En Tsjisse makke der wat fan, eltse kear as er nei Grins gong for in kuer, dan rûn er nei ôfrin de stêd yn en trakteare hy himsels oplekker iten en drinken, “En we zeden altied tegen mekeer: et komt goed. En zo niet, dan komt et aanders, maar uutaendelik komt et toch goed. ”Tjisse hat trije bondels publisearre. Hy wie in dichter dy’t foar himsels skreau, seit Aafje, en publisearre wannear’t hy deroan ta wie. “Ik bin gjin dichter mei bondeltsje-diarree”, sei er ris in fraachpetear. Syn lêste bonde *Heehoo heehoo; De leafde is as de*

mage fan in ko kaam yn 2015 út. Dêrfoar publisearreer bondels yn 1996 (It eachwyt fan de simpele rider).

Op in goeie dei betochten Tsjisse en Aafje: wy kinne tegearre wolris wat meitsje. Dat wie yn 2016 op in fakansje yn Dútslân. “Wi’j hullen niet so fan drokte om kast en oold en ni’je henne. En Tsjisse vun al hielemaole niks an vuurwark. Ieder jaor om die tied henne gongen wi’j tweie weken vot.”

FILTWURK

Yn *Hewwy dát* steane gedichten fan Tsjisse, dy’t yllustrearre binne mei it filtwurk fan Aafje. “Et was biezunder o saemen te warken. Dat gong as vanzelsprekend. Hi’j bekommerde him om de teksten, ik m et viltwark. En hieltied weer dee blieken dat et wark bi’j et gedicht paste en aandersomme. Daor hewwe vri’jwel veurof gien overleg over had. Biezunder hen.”

Der stoane ek in pear gedichten yn de Stellingwarfer taal yn *Hewwy dát*. Aafje fynt it moai dat er troch har en har mem de leafde foar it dialekt krigen hat. ‘Opdreugen an Vroukje Bouwer-Houtman’ stiet der yn it Stellingwerfs foaryn de bondel. Sa woe Tsjisse dat. “Zij hadden een biezondere relaosie en konnen goed mit mekeer overweg. Op een gegeven mement praotte hi’j Stellingwarfs tegen mien moeder, mar die hadde dat niet iens in de gaten. Zo vertrouwd weren ze mit mekeer”. Spitigernôch ferstoar Aafjes mem sân wiken nadat se Tsjisse nei it hof brocht hie.

US BERNTSJE

Hewwy dát is ein ferline jier al ferskiend, mar troch koroana is de presetaasje útsteld nei moarn. Tsjisse hat tegearre mit syn neef Goasse Brouwer fan Utjouwerij Frysk en Frij oer de bondel gear west. Èt was klaor vlak veurd dat Tsjisse weg reakte. Hi’j het et eindrisseltaot in pdf zien en was daor trots op. Hi’j nuumde et ‘ús bernttsje’.

Se begrypt lang net altyd wat Tsjisse mei syn gedichten bedoelt. “Tsjisse vun et ok niet zo belangriek wat een aander d’r van vint. Hi’j schreef ze vanuut zien vri’jhied as dichter. En as et iene et niet begrypt, dan is dat mar zo.” Har favorite gedicht? Miskien wol it lètste mei de titel: IK HAWWE DY SJOEN (sjoch ûnder). Dat giet oer har, sa dudlik as wat.

DRIPPEN

De sokommen binnen al in pear oeren leech. Er leit noch in helte fan in broadsje op har board. Sy hat in drege tiid hân, moat Aafje bekenne. It rouwen is noch net oer, mar sy hat der wer nocht oan om allinnich dingen te ûndenimmen. Ferlinne wike bygelyks hat se wurk eksposearre by de Dutch Felt Academy yn Baard. Der hongen grutte drippen, as wiene it triennen fan filt. Dy hie se nei it ferstjerren fan Tsjisse makke en letter ek doe’t har mem ferstoarn wie. As in soart fan terapy wêrmei’t sy hast eltsje dei oan é skieppewol siet. “Wolle is waarm én zaachte en zok mooi materiaal om mit te warken. Een aander schrift wat of schildert, ik vun troost in vilt.” It binne 25 drippen wurde. “En doe was et eerst klaor.”

Holistysk tinker

Moarn wurdt yn it stêdhûs fan Frentsjer yn it fermidden fan famylje, freonen en kollega-dichters de bondel *Hewwy dát* fan Tsjisse Hettema (1955-2021) troch Aafje Bouwer presintearre. Der wurde ûnder oaren foardrachten hâlden troch Edwin de Groot, Geartrude Hettema, Arjan Hut, Sipke Schiffart en Syds Wiersma.

Hettema en Wiersma wurken tegearre op it Frysk Film en Audio Argyf in Ljouwert en sy wiene goed befreone.

Kinne jo wat fertelle oer it wurk fan Tjisse Hettema? It is gjin maklike kost. Hoe moatt lézers it wurk besjen (as net)??

Syds Wiersma: “Tsjisse wie in olistysk tinker. Hy tocht net yn grinzen. It ferline is altyd oanwézich yn it no en rûnom sochst al spoaren fan de takomst. Oer de grins fan de dea begint in nije reis, dy’t yn ferbinning stiet my eardere libbens. Oan minsken dy’t grinzen lûke , mei trûkjes as status, hiërgary of stigmatisearing, hie er in hekel. Dy iepen fyzje op de tiden, romten, natoer, minsken sit djip yn syn gedichten. Yn it gedicht *Ropsyl bygelyks* is de skiere iel e metafoar foar de krêft dy’t grinzen besiket te sljochtsjen:

sels de skiere iel

ût de Sarragossasee

komt hjir

om

oer de dyk hevele swiere wurden

werom te nimmen

Wat besjutte Tsjisse foar jo? Jim wienen freonen, mar wurken elk gear. Wat misse jo no it meast fan him?

“Tegearre mei Tsjisse bin ik ein jieren tachtich dichter wurden. Wy moete elkoar op in skriuwerswykein by Bouke Oldenhof op é Rolbrége. Dêrnei hawwe wy altyd freonene west. Dat gie fierder as it skriuwen. As ik mei Tsjisse op ‘en paad wie, fiede ik in fanselssprekkendheid dy’t ik mar mei in pear minsken haw of hân haw. Koest ek geweldich mei him laitsje, De útstapkes, it byinoar kommen en oeral oer prate kinne, dat mis ik bot.”



Tsjisse Hettema(1955 -2021)

Zie het gedicht IK HAW DY SJOEN
op de volgende bladzijde

IK HAW DY SJOEN

Ik haw dy sjoen
fan 't begin ôf oan
hoe'tst rekke wiest
troch de slang
en syn fertoan
fan respekt en wearden

it lytse wurd yn minsken
dellein
foarmet altyd werkelykheid in eigen begjin en ein
Dërsto dryste skepper
in ferhaal fan makkest
mei filten en mei weven

de lytse keningen klaaid
yn klean fan goudtried of sulver
of in miks
se sille dy alle ferhalen weromjaan
yn dyn moedige hannen
yn uzes allegear

TSJISSE HETTEMA